

Utnûging foar de gearkomste op
sneon 1 febr. 2025 om 13.30 oere

Tresoar, Bûterhoeke 1 Ljouwert.

Wurklist:

1. Iepenjen en Meidielingen
troch: foarsitter Gosse van der Plaats
2. Ferlaggen fan 30 nov. 2024
3. Earmoed en kultuer yn de heidedoarpen
troch: Sian Wierda
4. Healwei de lêzing: Skoft
5. Sluten.

Data 1e helte 2025: 8/3, 5/4 .

Dr. Jabik van der Bij (skriuwer.)

Belangstellenden binne fan herte wolkom op dizze gearkomste! Tagong fergees.

Oer Sian Wierda (1994)

Sian Wierda folge by Ryksuniversiteit Grins in master skiednis en skreau syn masterskripsje oer it heidefolk fan it Frysk-Grinslanner grinsgebiet yn it twadde part fan de 19e iuw. Dêr wûn hy yn 2020 de Skripsjepriis fan de Fryske Akademy mei. Skiednis wie syn twadde stúdzje, want dêrfoar hat er op Hegeskoalle Windesheim de oplieding sjoernalistyk folge. Op dit stuit wurket hy as sjoernalist by Omrop Fryslân. Wierda is ynternet- en bureoredakteur en skriuwt foar de webside en app. Yn syn frije tiid mei hy him graach ferdjipje yn it ferline fan syn eigen famylje, dy't fan mems kant ek foar in part op de âlde heidegebieten leit.



Earmoed en kultuer yn de heidedoarpen

In soad minsken hawwe wol in byld fan heidedoarpen fan eartiids: spitkeetsjes yn it fjild, minne omstannichheden en earme lju yn foddren. Rûch folk yn de Wâlden, dêr't noch altyd stereotype ferhalen oer besteane.

Fansels, de heidedoarpen fan doe tiids sprekke ta de ferbylding. Mar de fraach is wol hoe realistysk ús ideeën oer dy delsettingen binne. Strookt it byld fan foaroardielen en ellinde wol mei de werklikheid?

Yn syn skripsje hat Sian Wierda besocht út te finen oft der op de heide sprake wie fan in 'earmoedkultuer': in wize fan libjen dy't fan generaasje op generaasje trochjûn wurdt en de earmoed yn stân hâldt.

It ûndersyk is rjochte op de perioade tusken 1850 en 1900 en op in spesifyk groepke heidedoarpen yn it grinsgebiet fan Fryslân en Grinslân. It

giet om Hamsterheide (De Harkema), Feansterheide (Boelensloane), De Houtgehage, De Skieding (by Drachtsterkompenije) en De Parken (by De Grinzer Pein). Dizze delsettingen ûntstiene yn de 18e iuw as earme feankoloanjes.

De arbeiders dêr holden der harren eigen wize fan libjen op nei, is faak it idee. Lêze en skriuwe koene se net, se krigen tal fan ûnwettige bern om't manlju en froulju net trouden, der wie in soad kriminaliteit en stjerte. En it heidefolk soe hiel byleauwich wêze.

Mar faak binne konklúzjes lutsen op basis fan algemiene útspraken. It oantal ûnwettige bern of analfabeten wie noch noait echt teld. Dat wylst yngeand ûndersyk nei de heidedoarpen en de konsekwinssjes fan earmoed mear begryp opsmite kin oer it ûntstean fan dy tinkbylden. Yn dizze presintaasje besykje wy om in pear earste, foarsichtige stappen te setten yn 'e rjochting fan in mear nuansarre byld. Hoe siet it no echt mei saken as analfabetisme, bernestjerte en ûnwettige bern? En wat seit de wittenskip oer bygelyks folksferhalen en klassebewustwêzen op de heide?

Dêrneist wurdt hjoed-de-dei hieltyd mear dúdlik dat minsken oars hannelje by in gefoel fan krapte. Dat hat eartiids net oars west, ek op de heide net. De realiteit is dat 'ôfwikend gedrach' faak fuortkaam út earmoed, dêr't de heidebefolking mar mei deale moast.



Uitnodiging voor de bijeenkomst
op zaterdag 1 febr. om 13.30 uur.

Tresoar, Boterhoek 1 Ljouwert.

Agenda:

1. **Opening en Medelingen**
door: foarsitter Gosse van der Plaats
2. **Verslag van 30 nov. 2024**
3. **Armoede en cultuur in de heidedorpen**
door: Sian Wierda **NB de lezing is in het Fries**
4. **Halverwege de lezing: pauze**
5. **Sluiten.**

Data 1e helft 2025: 8/3, 5/4 .

Dr. Jabik van der Bij (skriuwer.)

Belangstellenden zijn van harte welkom op deze bijeenkomst! Toegang gratis.

Over Sian Wierda (1994)

Sian Wierda volgde bij Rijksuniversiteit Groningen een master geschiedenis en schreef zijn masterscriptie over het heidevolk van het Fries-Gronings grensgebied in het tweede deel van de 19e eeuw. Daar won hij in 2020 de scriptieprijs van de Fryske Akademy mee. Geschiedenis was zijn tweede studie, want daarvoor heeft hij op Hogeschool Windesheim de opleiding journalistiek gevolgd. Op dit moment werkt hij als journalist bij Omrop Fryslân. Wierda is internet- en bureauredacteur en schrijft voor de website en app.

In zijn vrije tijd mag hij zich graag verdiepen in het verleden van zijn eigen familie, die van moeders kant ook voor een deel op de oude heidegebieden ligt.



Armoede en cultuur in de heidedorpen

Veel mensen hebben wel een beeld van heidedorpen van vroeger: spitkeetjes in het veld, slechte omstandigheden en arme mensen in vossen. Ruw volk in de Wouden, waarover nog steeds stereotype verhalen bestaan. Natuurlijk, de heidedorpen van toen spreken tot de verbeelding. Maar de vraag is wel hoe realistisch onze ideeën over die nederzettingen zijn. Strookt het beeld van vooroordelen en ellende wel met de werkelijkheid?

In zijn scriptie heeft Sian Wierda geprobeerd uit te vinden of er op de heide sprake was van een 'armoedecultuur': een manier van leven die van generatie op generatie wordt doorgegeven en de armoede in stand houdt. Het onderzoek is gericht op de periode tussen 1850 en 1900 en op een specifiek groepje heidedorpen in het grensgebied van Friesland en Groningen. Het gaat om Hamsterheide (Harkema), Surhuisterveensterheide (Boelenslaan), Houtgehage, De Scheiding (bij Drachtstercompagnie) en De Parken (bij Opende in Groningen). Deze nederzettingen ontstonden in de 18e eeuw als arme veenkolonies. De arbeiders daar hielden er hun eigen manier van leven op na, is vaak het idee. Lezen en schrijven konden ze niet, ze kregen veel onwettige kinderen omdat mannen en vrouwen niet trouwden, er was veel criminaliteit en sterfte. En het heidevolk zou heel bijgelovig zijn.

Maar vaak zijn conclusies getrokken op basis van algemene uitspraken. Het aantal onwettige kinderen of analfabeten was nog nooit echt geteld. Dat terwijl grondig onderzoek naar de heidedorpen en de consequenties van armoede meer begrip kan opleveren over het ontstaan van die denkbeelden. In deze presentatie proberen we enige voorzichtige stappen in de richting van een genuanceerd beeld te zetten. Hoe zat het nou echt met zaken als analfabetisme, kindersterfte en onwettige kinderen? En wat zegt de wetenschap over bijvoorbeeld volksverhalen en klassebewustzijn op de heide? Daarnaast wordt vandaag de dag steeds meer duidelijk dat mensen anders handelen bij een gevoel van krapte. Dat is vroeger niet anders geweest, ook op de heide niet. De realiteit is dat 'afwijkend gedrag' vaak voortkwam uit armoede, waarmee de heidebevolking maar moest dealen.

